

Tekst 1 Steven de Jong: "Ik kin net sûnder applaus"

- 3p 1 Wêrom hat Jan Declair úteinlik net meispile yn De Kameleon?
A Hy koe net ynpast wurde yn it draaiskema.
B Hy paste net goed yn it ferhaal en dat komt by De Jong op it earste plak.
C Hy waard ferfongen troch Hidde Maas omdat dy better yn it ferhaal paste.
D Hy wie úteinlik net ynteressearre yn de film.
- 3p 2 Wat bedoelt De Jong mei "aardige akteurs" (r. 24)?
A Akteurs dy't aardich toanielspylje kinne.
B Jan Declair, Huub Stapel, Daan Schuurmans en Hidde Maas.
C Sympatike akteurs.
D Spesifike akteurs.
- 3p 3 Sitearje de sin dy't de haadgedachte werjout fan alinea 1.
- 3p 4 Wat foar akteur is Rense Westra?
A In akteur dy't hiel ferskillende rollen spylje kin.
B In akteur dy't in soad 'glêde jonges yn strakke pakken' spile hat.
C In beheind akteur.
D In topakteur yn in beheind tal rollen.
- 3p 5 By hokker sin of sinnen is "Wylst ik ... wie geweldich." (r. 56-64) in argument?
A "It ferhaal ... om giet." (r. 51-52)
B "It ferhaal ... oannimlik wêze." (r. 51-53)
C "It ferhaal ... sels betinke." (r. 51-54)
D "It ferhaal ... te ûntdekkjen." (r. 51-56)
- 3p 6 Wat foar type argumint is brûkt mei "Wylst ik ... wie geweldich." (r. 56-64)?
A In emosjoneel argumint.
B In empirysk argumint.
C In ferliking.
D In moreel argumint.
- Yn alinea 3 fertelt De Jong hoe't in earste opname fan in sêne út 'Baas' mislearre. De twadde opname waard in súkses.
- 3p 7 Neam twa mooglike oarsaken foar dat súkses. Helje dyn antwurd út alinea 4. Brûk net mear as 15 wurden.
- 3p 8 "We moatte der meiïnoar hiel hurd oan wurkje om dat te feroarjen." (r. 83-85)
Wat wol De Jong feroarje?
A De ferdieling fan de prioriteiten tusken ynhâld, spilers en technyk.
B It nivo fan de ynhâld.
C It nivo fan de spilers.
D It nivo fan de technyk.

- 4p **9** Neam twa ferskillen tusken de wurkwize fan Steven de Jong en dy fan de measte oare regisseurs. Brûk net mear as 25 wurden.
- “Mar it ... dât skoart.” (r. 122-124).
- 3p **10** Sitearje út alinea 1 in sin dy’t oanslút by dizze tinkwize.
- 3p **11** Sitearje de kearnsin dy’t de haadgedachte werjout fan it tekstpart alinea 5 en 6.
- De tekst kin ferdielt wurde yn twa parten.
- 3p **12** Mei hokker alinea begjint it twadde part?
- 3p **13** Wat is foar Steven de Jong it doel fan it fraachpetear?
- A Ferdivedearje en ynformearje.
 - B Ferdivedearje en oertsjûgje.
 - C Ynformearje en oantrune.
 - D Ynformearje en oertsjûgje.
- 3p **14** Wat is foar Marita de Jong it doel fan it fraachpetear?
- A Ferdivedearje en ynformearje.
 - B Ferdivedearje en oertsjûgje.
 - C Ynformearje en oantrune.
 - D Ynformearje en oertsjûgje.

Tekst 2 Stilte asjeblyft?

- 3p **15** Jou de tsjinstelling oan tusken alinea 1 en 2 oan de iene kant en alinea 3 oan de oare kant. Brûk net mear as 5 wurden.
- 3p **16** Wat is it ferbân tusken “Binne de ... lykwols oars.” (r. 24-26) en “De boer ... hoannen kraaie.” (r. 26-29)?
- A konkludearjend
 - B oarsaaklik
 - C opsomjend
 - D tsjinstellend
- 3p **17** Wat wurdt mei ‘ekstremiteiten’ (r. 44-45) bedoeld?
- A It halje-trawalje ferhúzjen.
 - B Net te fernearen lûden.
 - C Nijbouplannen.
 - D Unreedlike klachten.
- De ‘nijkommer’ stelt him wat beskermjender op as de ‘autochtoan’ (r. 50-53).
- 3p **18** Wat wol de ‘nijkommer’ beskermje? Brûk net mear as 5 wurden.

- 3p **19** “en net ... hakseler hearre.” (r. 63-65).
Hokker sinpart yn de tekst jout oan dat guon nijkommers har dêr krekt fûl tsjin fersetste?
- 3p **20** Wat is it ferbân tusken “De sirkel ... wurdt lytser,” (r. 71-73) en “wylst boeren ... dei is.” (r. 73-76)?
A foarweardlik
B konkludearjend
C opsomjend
D tsjinstellend
- 4p **21** Sitearje út alinea 5 it sinpart dat de haadgedachte jout fan de tekst.
Yn de tekst is sprake fan in ‘botsing’ tusken twa groepen en twa belangen.
- 4p **22** Hokker groepen en belangen binne dat?
- 4p **23** Hat it fraachteken achter de titel in funksje? Ferklearje dyn antwurd. Brûk net mear as 25 wurden.

Tekst 3 Dy romte, dy wyn

- 27p **24** Meitsje in gearfetting fan de tekst “Dy romte, dy wyn” en behelje dêryn it folgjende:
- de ûntsteansskiednis fan it gebiet en de hjoeddeiske situaasje;
 - de ûntsteansskiednis fan de taal en de taalhâlding fan de Bilkerts;
 - de eigenskippen fan de Bilkerts en in mooglike ferklearring dêrfoar;
 - nije bewenners;
 - it ‘Biltgefoel’.
- Brûk net mear as **175** wurden.